

## 8. Stjerren

“Sil ik skielk ek in aardige mûs fine om mei te trouwen mem”? Hiske frege dat oan Tytsje doe’t se oan it ôfwaskjen wienen. “Och leave”, sei Tytsje, “Dêr hoechsto no noch net oer yn te sitten hear! Do hast noch tiid genôch. Do moatst earst noch in hiele protte leare. It libben fan in mûske is net altiten like maklik. Do moatst mar goed leare fan heit en fan mem en fan pake Gurbe hoe as in mûske libje moat.



Dêrnei sil der grif wol in mûske komme dêrsto fan hâlde kinst”.

“Mar mem”, sei Hiske, “Omke Abe út Hitsum seit dat jo yn de stjerren sjen kinne wat der barre sil. Hy leaut dat de stjerren de takomst foarsizze”!

No moatte jimme witte dat omke Abe net altiten yn ‘e tsjerke wenne hat. Hy hat ears yn in hûs wenne dêr’t minsken wennen. Yn dat hûs leauden dy minsken dat de stjerren de takomst foarsizze. Alle wiken kochten dy minsken in krantsje. Dêr stie dan yn hokker stjerren foar harren belangryk wienen. Omke Abe hat dy minsken ôflústere fansels. Mar Muoike Akke leaut dêr neat fan. Hja fertelt oan har man dat de stjerren makke binne troch de Heare God. De stjerren binne prachtige ballen fan fjoer. Us eigen sinne is ek sa’n prachtige stjer. Us sinne makket ljocht by dei en hy makket ús ek waarm.

Mar de sinne foarseit echt net wat der barre sil yn ‘e takomst fan de mûskes of de minsken! Doe’t wy jûns sieten te waarm iten, praten wy der wer oer. Pake Gurbe sei: “Ik woe omke Abe wizer hawwe! Hy wit dochs ek wol dat de Heare God mei ús te krijen hat? Dy stjerren binne machtich moai, dat is wier. Wy kinne der ek fan genietsje. En de seefarders witte troch nei de stjerren te sjen wêr as hja binne op de grutte see. Sa helpe de stjerren dus wol, mar hja foarsizze de takomst net! It binne ek skepsels fan ús Hear”.

Doe frege Wopke: “Meie wy jûn opbliuwe heit? It reint net. Ik wol graach de stjerren sjen. Pake kin ús grif in hiele protte oer de stjerren fertelle”.

Tytsje seach al in bytsje sunich. “Mei it mem? Asjebleaf? Wy sille moarn net in min sin hawwe”, seinen Hiske, Hinke en Wopke alle trije. Doe mocht it.

Dy nacht, doe’t de minsken op bêd leinen, doe’t de katten har nocht hienen fan it omjeien en doe’t wy gjin gefaarlike ûlen mear seagen gongen wy nei bûten. Wy hâlden mekoar yn it tsjuster goed fêst fansels. En ja hear, wy hienen gelok! Der wienen in hiele protte stjerren. Wy stienen allegearre mei de noas omheech. Pake syn âld nekke die in bytsje sear. Hy seach mear fan siden. Ynienen sei pake:

“Sjoch! Dêr! Krekt boppe ús holle. Dêr is wrychjes it stâlpantsje! (Grutte Bear / Ursa Major). Sjogge jimme dy sân stjerren? De fjouwer grutte stjerren binne it pântsje. De trije lytsere stjerren binne it stâltsje. As jimme goed sjogge kinne jimme allegearre figueren fan de stjerren meitsje. Dat dogge de minsken op see ek. Sa fine hja har paad”. Wy stienen fol ferwûndering omheech te sjen.

Wat moai, dy stjerren, fine jimme ek net? Miskien meie jimme ek wol ris in kear mei heit en mem nei de stjerren sjen as it in heldere nacht is. Sykje it stâlpantsje dan mar op. Fine jimme ek net dat de Heare alles skitterjend makke hat? No, oant de oare kear. Tynus, de tsjerkemûs fan 'e Terp